

Amendement

(ex art. 78 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Feangreideopjefte en de Gaswinning

Dit amendement heart by:

Vaststellen van de zienswijze van de gemeente Heerenveen op het Ontwerp Provinciale Omgevingsvisie Fryslân

Mei it foarstelde beslút:

De zienswijze (met kenmerk: D.26.2152656) zonder wijzigingen en bedenkingen vast te stellen

Yn de iepenbiere gearkomste fan: 21 Maeie 2026

Tsjinje de folgjende riedsleden in oanpassing op it útstel yn:

J. Tuimaka-Calsbeek, PRO

H.M. Melchers-de Jong, D66

S. Algera, FNP



L. de Heij-Nap, CU



Taljochting:

1. Trochsette Fryske feangreideprogramma mei de ambysje foar 2050 as konkrete opdracht.
Yn de feangreide, yn it lege midden, leit ien fan de grutste opjeften wêr we yn Fryslân mei te krijen hawwe. Yn 2050 wolle we dat de boaiemdaling, de feanôfbraak en de útstjit fan CO₂ ta stilstân brocht is. It is de fraach of we hjir yn slachje sille as de provinsje net de rezjy nimt en der boppe op sit. It hjoeddeistich Fryske feangreideprogramma rint oant 2030. It wetterbeheer yn it feangreidegebiet is fan grut belang foar droege fuotten yn in grut part fan de provinsje. Om it leefber te hâlden moat der wol wat barre. En dat sil wat kostje. Mei neat dwaan binne de maatskiplike kosten op termyn lykwols noch heecher. De skea oan funderings fan wenten, bedriuwspannen en ynfrastuktuer is no al in probleem.

De yntsjinners fan dit amendement binne fan betinkst, dat de feangreideopjefte in steviger plak fertsjinnet yn de POVI. Hja freechje Provinsjale Steaten dit te ûnderskriuwen.

2. Gjin gaswinning yn de feangreide
Fraksjes yn de Provinsjale Steaten en it Algemien Bestjoer fan Wetterskip Fryslân ha koartlyn it kabinet noch oproppen om nije gasboarrings yn Fryslân te ferbieden. Hja warskôgje dat de provinsje it net langer drage kin en dat

fuortsetting fan winning liedt ta ûnomkearbere skea oan lânskip, natuer en bebouwing. Dizze partijen wize spesifyk op de risiko's fan boaiemdaling yn it kwetsbere feangreidegebiet: sakket de boaiem, dan komme fûneminten fan huzen en bedriuwspannen yn gefaar, nimt de needsaak en de kosten fan wetterbehear ta en wurde ynspanningen om CO₂-útstjit út feangrûn te beheinen ûndergraven. De bewiislêst foar skea mei yn de takomst ek net by bewenners lizze.

De POVI giet oer in robúste omjouwing, oer in yntegrale belangen-ôfwaging. Oer gaswinning stiet der neat en de ynfloed fan gaswinning wurdt net meiweage. Gaswinning op lân is yn striid mei klimaatdoelen en it belied om feangreidegebieten as klimaatbuffer te behâlden. Dit wurdt breed ûnderskreaun troch gemeenten en partijen út de Provinsjale Steaten en it Wetterskip. Dit kabinet lûkt har dêr noch net folle fan oan en hat de gaskraan op lân no wer fjirder iepenset.

De yntsjinners fan dit amendemint binne fan miening, dat de Fryske fisjy op gaswinning opnommen wurde moat yn de POVI. De POVI is gjin feroardering en is net hâlden oan ryksbelied. It is in fisjy, ús fisjy op Fryslân dêr't gaswinning net thús heart.

Wêrmei de rie beslút:

De foarstelde 'Zienswijze ontwerp-Provinciale Omgevingsvisie' oan te foljen troch yn 'de zienswijze' ûnder it kopke Veenweidegebiet de besteande tekst, nei... Akkrumer Goedland en Aldeboarn-De Deelen, út te wreidzjen mei de tekst:

Het waterbeheer in het veenweidegebied is een van de grootste opgaven in de provincie. In het licht van de leefbaarheid moet er wat gebeuren en dat zal om investeringen vragen. Niets doen zal op termijn tot veel hogere maatschappelijke kosten leiden. De schade aan funderingen van woningen, bedrijfspanden en infrastructuur is nu al een probleem. Willen we in 2050 de ambities ten aanzien van bodemdaling, veenafbraak en CO₂-uitstoot bereiken, dan zult u daar bovenop moeten zitten, de regie moeten nemen en de resultaten moeten monitoren.

Verzoek tot aanpassing

- Wij verzoeken u daarom in de Omgevingsvisie expliciet aan te geven dat u het veenweideprogramma wilt voortzetten en hoe u dat wilt doen en zo duidelijkheid te bieden aan het gebied en aan ons als partner. Wij verzoeken u daarbij de concrete ambitie om in 2050 de bodemdaling, de veenafbraak en CO₂ uitstoot in Fryslân nagenoeg tot stilstand te brengen de hoofdpodracht voor het toekomstige Friese veenweideprogramma te laten zijn.

Veenweidegebied en gaswinning

Fracties in de Provinciale Staten en het Algemeen Bestuur van Wetterskip Fryslân hebben onlangs het kabinet opnieuw opgeroepen om nieuwe gasboringen in Fryslân te verbieden. Zij waarschuwen dat de provincie dit niet langer kan dragen en dat voortzetting van winning leidt tot onomkeerbare schade aan landschap, natuur en bebouwing. Ze wijzen specifiek op de risico's van bodemdaling in het kwetsbare veenweidegebied. Funderingen van huizen en bedrijfspanden komen in gevaar, de noodzaak en de kosten van waterbeheer nemen toe en inspanningen om CO₂-uitstoot uit veengronden te beperken

wordt ondermijnd. Bewoners voelen de dreiging geconfronteerd te worden met de bewijslast voor schade.

Met de POVI zet u in op een robuuste omgeving en een integrale belangenafweging. Over gaswinning en de invloed van gaswinning schrijft u niets. Klimaatdoelen en het doel om veenweidegebieden als klimaatbuffer te behouden dreigen door gaswinning onder druk te komen. Hoewel deze dreiging breed wordt onderschreven door gemeenten, partijen uit Provinciale Staten en het Waterschap draait dit kabinet de gaskraan op land nu weer verder open.

Wij vinden, dat deze visie op gaswinning herhaalt hoort te worden in de POVI.

Verzoek tot aanpassing

- Wij verzoeken u in de Omgevingsvisie de Friese visie op gaswinning op te nemen. En daarmee gaswinning in het veenweidegebied af te wijzen.

Dit amendement is: Fersmiten

Stimferhâlding:

13 stimmen foar, riedsleden fraksje(s): PRO, D66, FNP, CU, SP

18 stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s): HL, CDA, VVD, FvD, FW21

de griffier,

de voorzitter,

L. Roest-Jonkers

M.A. Fokkens-Kelder